

---

## SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

---

Fan : *Tsjerk Bouwhuis - FNP*

Datum fan yntsjinjen : 07-02-2022

Oan : It kolleezje fan boargemaster en wethâlders

Underwerp : Lade mei eigen stroom

Wize fan beantwurdig : Skriftlik (binnen 30 dagen)

Datum tuskentiids antwurd :  
(as it fan tapassing is)

Datum beantwurdig : 07-03-2022

### Taljochting:

In grut oantal wenningen yn Súdwest-Fryslân hat gjin eigen oprit foar de auto en parkeart de auto foar hûs op de iepenbiere dyk. Ynwenners mei in elektryske auto moatte wat de FNP oanbelanget de mooglikheid hawwe om de auto op te laden mei eigen stroom. Fia hun eigen sinnepanielen op it dak is dit goedkeaper, praktysker en duorsumer dan laadpealen yn de iepenbiere romte.

Kabels fan út hûs oer de stoepe nei de auto is net winsklik, hjir kinne oare ynwenners oer stroffelje. Mar foar elk probleem is in oplossing, sa ek foar dizze. Yn hieltyd mear gemeenten ferskynt de EV-kabelgoattegel.

### It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Is it kolleezje it mei de FNP iens dat ynwenners alle stipe fertsjinje dy't foaroan rinne yn de enerzjytransysje en no tsjin praktyske problemen oan rinne?
	<b>Antwurd:</b> It kolleezje stimulearret de ynwenners om diel te nimmen oan de enerzjytransysje en tinkt mei yn oplossingen foar problemen. Sûnt jannewaris 2021 pleatst Laadkracht iepenbiere laadpeallen op oanfraach. De doelgroep hjirfoar is ûnder oare ynwenners dy't elektrysk ride en gjin beskikking hawwe oer in eigen oprit. Mei dizze oanbesteging is er in goed alternatyf foar minsken sûnder eigen oprit en foar besikers yn de wiken.
2.	Is it kolleezje ree om ynwenners de mooglikheid te jaan om mei eigen stroom de auto op te laden op de iepenbiere dyk?
	<b>Antwurd:</b> Op dit stuit is it net tastien om in partikuliere kabel oer of troch de iepenbiere dyk te lizzen. It kolleezje ûndersiket sûnt novimber 2021 oft er mooglikheden binne om dit ûnder betingsten ta te stean. Hjirfoar is it kolleezje yn oertis mei ferskate fakgebieten, oare gemeenten, provinsje, de Nationale Agenda Laadinfrastruktuer en de advyskommisje tagonklikheid. It kolleezje fynt it wichtich dat in oplossing bydraacht oan it algemien belang, op 'e takomst rjochte is en wêrby de konsesjeôfspraken mei Laadkracht neilibbe wurde.
3.	Is it kolleezje ree om belied te meitsjen foar de kabelgoattegel yn stoepen en dit belied foar de simmer oan de ried foar te lizzen?
	<b>Antwurd:</b> Ja, it kolleezje makket belied foar de kabelgoattegel as oanfoljende beliedsregels op artikel 2:10 fan de APV (Voorwerpen op of aan de weg). Hjirfoar hat it kolleezje foech. De beliedsregels sille fia aktive ynformaasje dielt wurde mei de ried.

### Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):